



*FRYSKE GEDICHTEN*

*Hantsje Tseards*

*FJOUWER MESSIAANSKE LIETEN  
ÚT IT BOEK JESAJA*



*Hantsje Tseards*



## FOAROANWURD

Binne jo bekend mei de fjouwer lieten oer de Tsjinstfeint fan de Heare? Hja binne te finen yn it twadde diel fan it Jesajaboek, de haadstikken 40-55, skreaun yn de tiid fan de Balingskip fan it Judeeske folk yn Babel ( fiifde ieu foar Kristus).

De skriuwer wol bemoedigje en treaste, dat wie wol nedich, want Jeruzalim mei de hillige timpel wie no in púnfal en de Judeeërs wiene twongen yn it heidenske Babel te libjen as straf foar harren sûnde.

De fiif gedichten dy't hjir presintearre wurde, binne de fjouwer lieten oer de Tsjinstfeint fan de Heare. De Nije Fryske Bibeloversetting fan 1977 skriuwt it folgjende:

“Tige wichtich yn Jesaja binne de fjouwer profesijen oer de Tsjinstfeint fan de Heare. Jesaja 42: 1-7 ; 49: 1-9; 50: 4-9 en 52:13-53:12.

Dy stikken beskriuwe in learling, dy't de Heare folslein tawijd is, dy't suver is yn lear en libben. Ien dy't ûnskuldich lije moat om de sûnden fan syn folk te boetsjen.

Fan miet ôf oan hat de kristelike tsjerke yn dizze figuer de Messias sjoen, de wiere Tsjinner fan God, Jezus Kristus.

Wat Israel wêze moatten hie, is by Him te finen.”

It reizgjen op see falt yn dizze lieten op. De apostelen hawwe in protte reizige mei sylskippen oer de Middellânske see om it evangeelje te ferkundigjen en dat is al te lêzen yn dizze profesijen.

Meije dizze gedichten har wei fine by it Fryske folk.

Earste liet

Seemansreis

Hy stjoert op koers, hy kent it rûzjen fan'e see.  
En tilt it heech en hillich fjoer oer fiere wetters.  
It boat rint as in goede freon syn ljochte feart.  
En dikerjende eagen sjogg' út nei dizich strân.

In ropper en in razer is er net,  
hy lit syn lûd net galmje troch de strjitten.

En leit hy oan yn fiere frjemde havens:  
de kade en de kroech sjogge him net stean.

Hy siket it ferbûke en teknesde,  
oer it illindich folk lit hy syn eagen gean.

In ropper en in razer is er net,  
hy lit syn lûd net galmje troch de strjitten.

En hy pakt troch, ja, hy jout nea belies,  
oan't er it rjocht op ierde fêstige hat.

De archipel sjocht út nei wat hy leart.  
It tanich wetter wurdt ta swietens keard.

In ropper en in razer is er net,  
Hy lit syn lûd net galmje troch de strjitten.

't Geheimenis wurdt kuenstich iepenteard:  
en libbensseeën wurde sûne wetters  
yn Gods genede ta gerjochtichheid.

*Jesaja 42 fers 1-4*

Earste liet

Bea

Ik bin sûnder my acht te slaan en sleau  
yn twingende en seare boeiens kommen,  
myn libben is in tsjuster tichthûs wurden.  
Kom en ferbrek ferheftich en mei grutte krêft  
de doarren fan myn faaie ierdske libben.  
Skow dochs de keatlings fan de polsen,  
dêr't ik mysels, grutsk as ik wie, ta twongen hie.  
En iepenje myn bline wurge eagen.  
Stjoer my jo ljocht en krij my by de hân.  
Kom, kom yn tûzend hasten, talmje net.  
Wês jo de liedsman yn myn nije libben.

*Jesaja 42 fers 5-7*

## Twadde liet yn terzinen

### Treast

Lân oan'e seekant en naasjes om fierrens,  
Hear nei myn stimme mei oandacht, hear.  
Ik bring jimme heil yn blydskip en blierrens.

Ferlossing, befrijing, dat is wat ik lear.  
It tsjuster wurdt troch myn heilsflam ferljochte,  
Jimme sûnde ferjou ik jim kear op kear.

Net troch tafal kaam ik op ierde terjochte,  
in ingel hat fan myn namme sprutsen,  
doe't er myn mem Maria berjochte.

Foarearst wie Israel yn it heil belutsen.  
Hja wegeren te kommen, 't wie om'e nocht.  
Har herte wie hurd, it hat my sa stutsen.

Doe hat myn Heit my treastgjend besocht.  
"Giest My boppe alles, do bist myn soan.  
De blinen hja komme troch dy ta it ljocht.

Fan My krijsto aansens in earekroan."

*Jesaja 49 fers 1-7*

Tredde liet

Betrouwen

Ier yn'e moarn ha Jo al sprutsen yn myn ear,  
ik ha my doe bestille en bedimme.  
Dat sêfte lûd is al wat ik begear,  
ynmoedich ha ik harken nei Jo stimme.

't Geheimenis fan God ha ik sa leard.  
Hy hat Syn wurd my yn'e mûle jûn.  
En treastgjend ha 'k my ta de wurgen keard,  
mei de deemoedigen bin ik alhiel ferbûn.

Guon botte keardels meitsje my gefangen.  
Hja slaan my op'e rêch, bespije en bespotte my  
en roppe my it burdhier fan de wangen.  
Sjoch, Heare, hoe ik hjir ûnskuldich lij.

En wol sa'n hurde skimper tsjin my yn'e pleit?  
Dan mar tegearre foar it rjocht!  
De Heare helpt my yn gerjochtichheid.  
Sa komt it ûnrjocht goed foar 't ljocht!

As klean ferslite hja, dy't my tramptearren.  
En ienris binne hja tefretten troch de mot.  
Se geane yn it fjoer mei al har tabehearren,  
yn pine lizze hja, fergetten troch har God.

*Jesaja 50 fers 4-11*

Fjirde liet

In nije leat

De gloarje fan de Davidsbeam? Dy is net mear.  
Har hege stam is kappe mei Gods oardielsbile.  
En hja waard stadich wei yn moude en toarre grûn.  
Lykwols ferskynt in nije leat, hiel dimmen en hiel tear:  
in prins, wat suterich, hy liket net rjocht sûn.

It Davidsfolk wurdt no regeard troch it bûtenlân.  
In nije prins? Wat soe't, in need'rige ferskinning!  
Foar him is út-noch-yn gjin plak yn't steatsferbân.  
Mei hege hearen wol er gjin ferbining.  
Hy eaget neat, hy hat alhiel gjin hearlikheid.

Dy Tsjinstfeint fan de Hear hat hiel syn libben pine.  
Sûnden, krupsjes, kwalen: ús lijen draacht hy mei.  
De fûle grime Gods dy moat hy ûnderfine,  
as baarnend koartsfjoer, altyd, nacht en dei.  
As lêst oan 't krús: de straf einliks foar jo en my...

In nije leat ferskynt, heil dimmen en hiel tear.  
Is hy jo Heilân, jo Ferlosser en jo Hear?

*Jesaja 53 fers 2-6*